

Yn it spoar fan Hieke Hornstra (2)

Kinst dysels tenei ek wol HIELKE Hornstra neame, sei Tineke Gijzen-Oenema. Tsja, dêr sis jo sawat....Yn dizze twadde ôflevering woe ik it ha oer wat Trinus Riemersma sylger in 'oanswettende útbuorren' fan de Bargebek neame soe. Kin ik fuortdaliks even in 'vlekje wegwerpen', want dit stikje fan de Sâanmar – wy seinen altiten Seemar – is der yn it sa goed as útferkochte boek 'Ei sjoch it doarpke Wikel...' wat bekaaid ôfkommen. Ik doel op it buorrentsje wer't eartiids âlde bakker Prins, Ulke Schotanus en Jehannes de Vlucht wennen.

Fan de Bargebek rint der in dykje fan in pear hûndert meter hinne, mar foar ús as bern wie winliken de sleat dernjonken wol sa wichtich. Der stie wetter yn dat winterdeis befrear en dat wie foar ús in prachtich plak om te skoskedraven. Boppedat wie der healwei in daam sadat jo altiten droech op de oare kant komme koenen om yn it struwelte in hut te meitsjen.

Bakker Hindrik Prins wenne yn it earste hûs en hie in rjochtstreekse ferbining mei syn appelhûf derachter. Hy hie bakkersguod yn syn wein, der't in kêdde foar rûn, mar op dy wein stienen grutte bussen fan DE mei appels, syn twadde tak.

Njonken him wenne Ulke Schotanus. Hy hie mei Sjoerd Spoelstra in oannimmersbedriuw fral yn bestratingen. By syn hûs stie in blikken loads. Dy kaam fan Spannenburch. Yn de oarloch lei der oer it Prinses Margrietkanaal in draaibrêge dy't troch de Dútsers opblaasd waard. Letter kwaam der de hege brêge sa't dy der no noch is. De blikken loads tsjinne as boukeet en neidat dy oerstallich waard kochten Schotanus en Spoelstra dy en setten him njonken it hûs yn de Sâanmar. Yn dy loads stie in Chevrolet legerwein. Dy koe firma keapje mei help fan it Marshallfûns, in Amerikaansk stipeprogramma om ús lân út de nederkliits te heljen. Gerrit Schotanus en Henkie Prins mochten wolris even yn de kabine boartsje. Achter it stjoer sitte en krekt dwaan oft se sjauffeur wienen. Harren buorman wie Ulke Hoogeveen, dy't yn Balk in ynstallaasjebedriuw hie. Jan Noorman wenne in hûs fierder.

Oan de oare kant fan de dyk, neist de âld reed, stie de wente fan Jehannes de Vlucht. De Vlucht wie poatebekapper, lykas syn skoansoan Albert Scholtanus. In swier berop want, want in karke mei in ystallaasje wer't in ko yn koe bestie noch net. Popke, harren âldste soan, wurke, foardat hy syn grutte camping yn Molkwar begûn, yn myn beleving yn de polder. Der fleach-er hinne op in fyts mei in Mosquito-motor ûnder it

frame. De Mosquito sette it achtertsjil oan. Jo hienen fansels ek de Solex, de Rex (op it foarstjil) en net te ferjitten de Vap 4 oan it achtertsjil. Hindrik Veenstra fan it Hearrenheech hie sa'n brommer en waard al ridlik gau Hindrik Vap neamd.

Letter mear.

Willem Stegenga